

Nûmer: 070 AD
Datum: 8 septimber 2026

Tiny Mulderpriis 2026 foar Rymke Zijlstra

De nije Tiny Mulderpriis wurdt dit jier takend oan Rymke Zijlstra foar har boek *It geheim fan Gurja*. De priis bestiet út €4.000,- en in oarkonde. Deputearre Eke Folkerts rikt de priis op freed 30 oktober út.

It geheim fan Gurja is in spannend en spektakulêr ferhaal. Yn it rapport fan de advyskommisje skriuwe de leden Liuwe Westra, Kate Schlingemann en Lara Kool dat de oersetting fan Rymke Zijlstra “in stik ynternasjonale jongereinliteratuer oanboarret, dy’t oant no ta yn Fryslân ûnbekend wie. It spannende ferhaal wurdt tagonklik en meinimmend ferteld, en ek al is it lânskip net botte Frysk, jo krije as lêzer net it gefoel dat jo taalkundich yn it bûtenlân bedarje. Dit tsjûget fan poerbêst oersetwurk!”

Tiny Mulderpriis

De provinsjale Tiny Mulderpriis wurdt dit jier foar it earst útrikt foar jeugd- en/of berneliteratuer dy’t oerset is nei of út it Frysk. De priis is neamd nei skriuwster, dichteres, sjoernaliste en oersetster Tiny Mulder (1921-2010), dy’t in grutte bydrage oan de Fryske literatuer én berneliteratuer levere. De nije priis wurdt takend troch Deputearre Steaten fan Fryslân, dy’t advys krijt fan in advyskommisje. Dy kommisje hat wurk beoardiele dat ferskynd is yn de jierren 2020 oant en mei 2025.

Oer de winner

Rymke Zijlstra (1975) is in literêr oersetter. Sûnt 2024 wennet se yn Noarwegen. Earder sette se û.o. *De bruorren Liuwehert* oer fan Astrid Lindgren en *Lampke* fan Annet Schaap. Yn 2025 ferskynde *It geheim fan Gurja* dat se út it Noarsk wei oersette nei in boek fan de berneboekeskriuwster Julia Kahrs.

Earfolle fermelding

Njonken dizze priis jout de sjuery in earfolle fermelding oan it bêste boek yn de kategory fan printe- en foarlêsboeken en dat is *It bijeboek*, oersetten troch Ytsje Steen.

PERSBERICHT



Nummer: 070 AD
Datum: 8 september 2026

Tiny Mulderprijs 2026 voor Rymke Zijlstra

De nieuwe Tiny Mulderprijs wordt dit jaar toegekend aan Rymke Zijlstra voor haar boek *It geheim fan Gurja*. De prijs bestaat uit €4.000,- en een oorkonde. Gedeputeerde Eke Folkerts reikt de prijs op vrijdag 30 oktober uit.

It geheim fan Gurja is een spannend en spectaculair verhaal. In het rapport van de adviescommissie schrijven de leden Liuwe Westra, Kate Schlingemann en Lara Kool dat de vertaling van Rymke Zijlstra “een stuk internationale jeugdliteratuur aanboort, die tot nu toe in Fryslân onbekend was. Het spannende verhaal wordt toegankelijk en meeslepend verteld, en ook al is het landschap niet erg Fries, je krijgt als lezer niet het gevoel dat je taalkundig in het buitenland belandt. Dit getuigt van uitstekend vertaalwerk!”

Tiny Mulderprijs

De provinciale Tiny Mulderprijs wordt dit jaar voor het eerst uitgereikt voor jeugd- en / of kinderliteratuur die is vertaald naar of uit het Fries. De prijs is genoemd naar schrijfster, dichteres, journaliste en vertaalster Tiny Mulder (1921-2010), die een grote bijdrage leverde aan de Friese literatuur én kinderliteratuur. De nieuwe prijs wordt toegekend door Gedeputeerde Staten van Fryslân, die advies krijgt van een adviescommissie. Die commissie heeft werk beoordeeld dat is verschenen in de jaren 2020 tot en met 2025.

Over de winnaar

Rymke Zijlstra (1975) is een literair vertaler. Sinds 2024 woont ze in Noorwegen. Eerder vertaalde ze o.a. *De bruorren Liuwehert* van Astrid Lindgren en *Lampke* van Annet Schaap in het Fries. In 2025 verscheen *It geheim fan Gurja* dat ze van het Noors naar het Fries vertaalde naar een boek van de kinderboekenschrijfster Julia Kahrs.

Eervolle vermelding

Naast deze prijs geeft de adviescommissie een eervolle vermelding aan het beste boek in de categorie van prenten- en voorleesboeken en dat is *It bijboek*, vertaald door Ytsje Steen.